

JIERFERSLACHGEGEVENS OER IT KALINDERJIER 2018 FAN IT

Wurkferbân / Wurkgroep: Genealogysk Wurkferbân

DOELSTELLING:

BESTJOER

| | |
|---|--|
| Foarsitter | Gosse van der Plaats |
| Skriuwer | Dr. Jabik van der Bij |
| Leden | Jelle de Jong, Rinse Spits, Anne Hylke Lemstra |
| Binne der yn 2018 bestjoersleden ôftreden? | nee |
| Sa ja, wa en yn hokker funksje? | |
| Binne der yn 2018 nije bestjoers-leden beneamd? | Ja Rinse Spits |
| Sa ja, wa en yn hokker funksje? | Algemien lid |
| Wienen der op 31 desimber 2018 fakatueres yn it bestjoer? Sa ja, hokker? | nee |

LEDEN Wurkferbân / Wurkgroep

| | |
|--------------------------------|------------------------------|
| Tal leden op 1 jannewaris 2018 | 216 |
| Tal leden op 31 desimber 2018 | 210 |
| Talittingsbetinksten | Stiper fan de Fryske Akademy |

AKTIVITEITEN

| Lêzingen / gearkomsten | | |
|---|----|--|
| Datum | 1. | 6 jann. 2018 |
| Sprekker | | Annemarie Zijlstra |
| Titel fan de lêzing | | Sicco Goslinga en it bûtenpleatselânskip fan Frjentsjerterdiel |
| Opkomst (tal leden en oare gasten) | | 23 |
| <p>Gearfetting Yn dizze lêzing fertelt Annemarie Zijlstra oer har promoasjeûndersyk mei de wurktitel Het landschap van de Friese buitenplaatsen (1600-1800). Economie, samenleving en cultuur. Hoe sjocht de opset fan dit ûndersyk, wêrfan it doel is de histoaryske bûtenpleatselânskip fan Fryslân yn de ier-moderne tiid (1600-1800) te rekonstruearjen, derút? Mear yn detail gie Annemarie op in neiere analyse fan âlde kaarten en tellingen fan de ûnderskate 'typen' bûtenpleatsen yn, oan de hân fan de kâs Frjenterteradiel. Yn dizze gritenij swaaiden de grytmannen fan it slachte Goslinga (en har neiteam) fan 1662 ôf in tiid de skepter. Der is besibbens mei de families Cammingha, Thoe Schwartzenberg en Hohenlansberg, Burmania (o.a. grietenij Wymbritseradeel) en Wassenaer Obdam (Twickel, Delden).</p> | | |
| Datum | 2. | 3 febr. 2018 |
| Sprekker | | Dr Jabik van der Bij |
| Titel fan de lêzing | | Bogemakers yn Frslân, wevers út Schüttorf |
| Opkomst (tal leden en oare gasten) | | 25 |
| <p>Gearfetting Tusken de ein fan de 30-jierrige oarloch en de Frânske Revolúsje sochten ferskate ynwenners út de streek krekt oer de grins by Enschede fanwegen de earmoed yn eigen gea in better bestean yn Nederlân. Sa binne der ek ferskate easterlingen yn Fryslân telâne kommen. In protte wienen wever. Dat hat in</p> | | |

| | | |
|---|--|----------------------------|
| achtergrûn. In nijsgjirrige fraach dy't boppe driuwen kaam is hoe fluch dizze ekonomyske ymmigranten yntegrearren yn har nije wenomjouwing. Dizze en mear fragen komme op it aljemint, sûnder dat oeral in definityf antwurd is te jaan. | | |
| Datum | 3. | 10 maart |
| Sprekker | Pro-book | |
| Titel fan de lêzing | Boek meitsje mei Word | |
| Opkomst (tal leden en oare gasten) | Mienskiplike gearkomste mei NGV (ôfd. Fryslân) | |
| Gearfetting Troch sykte fan de ynlidster koe dizze gearkomste net trochgean. | | |
| Lêzings / gearkomsten | | |
| Datum | 4. | 31 maart |
| Titel | Wannear is Jan in soan fan Pyt? | |
| Sprekkers | Kees de Boer en Anne Hielke Lemstra | |
| Opkomst (tal leden en oare gasten) | 23 | |
| Gearfetting | By in grut tal sitewaasjes is er dúdlik bewiis wêrom't Jan in soan fan Pyt is, mar as jo djipper dolle yn de argiven, dan is dat faak net mear sa wis. It soe kinne en it soe net kinne. Dêr wolle wy dizze middei mei dwaande wêze. Wy ha sa likernôch tolve arguminten fûn, dy't gjin bewizen mar allinne oanwizingen foar in filiaasje binne. Miskien binne der noch wol mear oanwizingen. De fraach is dan: hoe moatte wy dy oanwizingen wurdearje? En is der ek ferskil yn belang tusken ferskillende oanwizingen? It giet dus om de fraach hoefolle oanwizingen en hokker arguminten nedich binne om wis te wêzen as der gjin juridysk bewiis foun wurde kin. Soks hat in soad te krijen mei it neisjen fan sa folle mooglik beskibbere boarnen, altyd kritysk bliuwe, trochdolle, ek it omsittend laach yn kaart bringe en alert wêze op feroaringen yn patroanen. De beide sprekkers hawwe dizze problematyk tegearre bestudearre en fertelle om bar it ferhaal. | |
| Datum | 5. | 3 juny |
| Titel | | |
| Doelstelling | Famyljemint | |
| Opkomst (tal leden en oare gasten) | Net bekend en net nei te gean | |
| Gearfetting Het Famillement 2018 was zondag 3 juni in Leeuwarden. Tussen 10.00 en 18.00 uur vonden er diverse activiteiten plaats bij Stadsschouwburg De Harmonie, Tresoar en Historisch Centrum Leeuwarden. De dag is gratis te bezoeken. It Genealogysk Wurkferbân hat hjir oan meiwurke. De foarsitter fan it Wurkferbân hie û.o. sitting yn de tariedingsgroep. | | |
| Ekskurzje | | |
| Datum en lokaasje | 6 | Zaterdag 15 september 2018 |
| Titel | Reiske nei Frjentsjer (Organ. Ôfd. Fryslân NGV) | |
| Doelstelling | | |
| Opkomst (tal leden en oare gasten) | Net bekend | |
| Gearfetting Besite oan Keatsmuseum, Martenastins: een stadskasteel gebouwd in 1506 door edelman Hessel van Martena. Hier is sinds 2006 Museum Martena gevestigd. Het museum laat allerlei aspecten van de geschiedenis van Franeker zien. De Universiteit van Franeker en de allereerste vrouwelijke student, de 17de eeuwse Anna Maria van Schurman, komen aan bod in de vaste tentoonstellingen. De tijdelijke | | |

| | | |
|---|---|--------------|
| tentoonstellingen zijn gewijd aan de hedendaagse Friese kunst of de Friese geschiedenis. Op de bel-etage proeft u de sfeer van voorbije tijden in de schilderijenzaal en de porseleinzaal. | | |
| Lêzingen / gearkomsten | | |
| Datum | 7. | 13 okt. 2018 |
| titel | Familieboek IJSELMUIDEN | |
| Sprekker | Piet Postma | |
| Opkomst (tal leden en oare gasten) | | |
| <p>Gearfetting Postma hat earder Famyljeboeken útbrocht oer de famylje fan heitekant (Postma) en memmekant (Kramer). In oardel jier lyn is hy útein setten mei de famylje fan syn beppe (Ijsselmuiden). Dêr hat er gjin spyt fan. It levere hiel wat nijsgjirrige saken op. De skiednis spilet him foar in grut part yn Frjentsjer ôf, dêr't Postma sels wennet. Alle Ijsselmuidens blyke famylje fan elkoar te wêzen. Postma jout in oersjoch fan al bekende en nije feiten. Hy docht dat yn wurd en byld. Ien fan syn fynsten wie de prachtich opmakke Naamlijst van RK Armmeesters fan 1838 ôf fan Huize Theresia yn Frjentsjer mei û.o. 3x in Ijsselmuiden en 2x ien dy't mei in Ijsselmuiden trouw wie (achterkant boek).</p> | | |
| Lêzingen / gearkomsten | | |
| Datum | 8 | 3 nov. 2018 |
| titel | Ynwenners fan Paesens-Moddergat, Wierum, Nes en de Hellinga's en sibben | |
| Sprekker | Jan de Jager | |
| Opkomst (tal leden en oare gasten) | 18 | |
| <p>Gearfetting De Jager skreau de lêste jierren boeken oer de ynwenners fan Paesens-Moddergat, Wierum en Nes en in tsjok oersjoch fan de famylje Hellinga en besibbe famyljes. Hy nimt ús tidens syn lêzing mei yn de wrâld fan de genealogy. Wêr kom ik wei en wa is famylje fan my. Wa wennen der allegearre yn in doarp as Wierum of Paesens-Moddergat. Hoe sammelje je de gegevens en hoe bringe je der oarder yn. Wêr moatte je om tinke. Wêr kinne je de gegevens fine en hoe lis ik dy fêst. Hoe fier kinne je werom gean? Hoe set ik dit allegearre yn in boek en hoe kreasje ik dit op? Wêr lit ik it boek printsje en hoe bring ik it oan 'e man? De antwurden en ek de fraach: "bin ik bekende persoanen tsjinkommen?" De sprekker fertelt oan 'e hân fan syn ferskynde boeken en it wurk dat er noch ûnder hannen hat.</p> | | |
| Publikaasjes | | |
| Datum | 9. | 1 des. 2018 |
| Opkomst (tal leden en oare gasten) | 72 persoanen | |
| Namme tiidskrift of útjouwerij | Fryske Akademy | |
| Auteur Ype Brouwers e.o. | Sjoch ûnder | |
| Titel fan de publikaasje | Genealogysk jierboek 2018 | |
| Tal siden | | |
| <p>Koarte omskriuwing thematyk doel publikaasje</p> <p>Presintaasje Genealogysk jierboek 2018 mei taljochting fan de auteurs</p> <ul style="list-style-type: none"> ➤ Jan de Vries Bruinsma en Hylckema van Warns ➤ Petronella J.C. Elema Libarius ➤ Gosse van der Plaats Voor- en nageslacht van Aechje Heres (ca. 1703 – 1788) op de Lytse Geast onder Tietjerk ➤ Harmen Foekema/ Titus Brandsma III (auteur Henk Zeinstra †), Ype Brouwers ➤ Pieter Nieuwland De verkoping van de laatste Friese kloostergoederen ➤ Fryske Rie foar Heraldyk Wapenregistraasje | | |

FINÂNSJES

| | | |
|--------------------------------|----------|--|
| Totaal útjeften yn 2018 | € | |
| <u>Spesifikaasje útjeften:</u> | | |
| - Bestjoerssaken | € | |
| - Gearkomsten | € | |
| - Lêzingen | € | |
| - Sympoasia | € | |
| - Publikaasjes | € | |
| - Ekskurzjes | € | |
| - Oare saken | € | |

BYSÛNDERHEDEN/OPMERKINGS/WINSKEN

It tal leden (en gasten) dat op de gearkomsten west hat wie yn 2018 248. Yn 2017 telden wy 209 besikers, in stiging fan 19%.
Dêr foar oer wie it tal leden yn 2018 tebek rûn fan 216 nei 210. Yn 2017 wie dat fan 224 nei 216. De daling komt benammen troch it ferstjerren fan leden en in inkele kear omdat men it stiperskip oan de Fryske Akademy opseit.